

Themanummer *fotografie* . 2013 .

DE CENTRALE AS

in beeld en woord



THEMANUMMER FOTOGRAFIE



Sietske Poepjes, gedeputeerde provincie Fryslân

Rechts, van boven naar beneden de wethouders:
Pytsje de Graaf gemeente Dongeradeel
Siepie Hylkema gemeente Dantumadiel
Houkje Rijpstra gemeente Tytsjerksteradiel
Nieske Ketelaar gemeente Smallingerland

VOORWOORD *De Centrale As in beeld en woord*

Voor u ligt het Themanummer Fotografie De Centrale As, het eerste nummer van een reeks die jaarlijks wordt uitgebracht totdat De Centrale As gereed is. Na het voltooiën van de weg worden de themanummers gebundeld en breed verspreid onder de mensen in het gebied van De Centrale As.

De gedeputeerden Johannes Kramer (Ruimtelijke ordening), Jannewietske de Vries (Cultuur) en Sietske Poepjes (Verkeer en vervoer) hebben samen met de betrokken wethouders Pytsje de Graaf, Siepie Hylkema, Houkje Rijpstra en Nieske Ketelaar gemeend dat bij een groot project als De Centrale As kunst niet mag ontbreken. “Yn ûnderling oerlis is ynfolling jûn oan dizze winsk”, vertelt gedeputeerde Sietske Poepjes. “Wy hawwe der foar keazen om net allinnich in tal keunstwurken yn fysike sin yn ‘e omkriten fan de nije dyk te realisearjen. Wy wolle ek mei fotografy fêstlizze wat de komst fan De Sintrale As foar de minsken betsjut en hoe’t it lânskip hjirtroch feroaret.”

In dit eerste nummer worden drie thema’s behandeld: het landschap en de problematiek, een aantal eeuwenoude volksverhalen en de mens die wordt beïnvloed door de aanleg van de nieuwe weg. Daaraan is invulling gegeven door Friese kunstenaars, voornamelijk afkomstig uit het Centrale As-gebied. De beelden worden ondersteund door woorden, variërend van gedichten en interviews tot een samenvatting van de volksverhalen. Nynke van der Zee heeft op een poëtische manier de bijbehorende teksten verzorgd.

Het eerste thema is het landschap en de problematiek. Jaap de Boer fotografeerde op een artistieke manier een deel van het landschap dat wordt doorsneden door De Centrale As. “Ik wol hjirmei in sfearbyld jaan fan it fariearre lânskip yn Noardeast Fryslân. Dêrby ha ik ek in plakje jûn oan de drokte op de dyk en de problematyk op it mêd fan leefberens en ferkearsfeiligens.”

Fryslân kent van oudsher een groot aantal volksverhalen. Maartje Roos heeft een aantal daarvan als leidraad gekozen.

“Ek Noardeast Fryslân ken tal fan folksferhalen. Dêrút ha ik fjouwer selektearre: it spoeke fan it Skilige Pypke, de ûntdekking fan de boarne fan Bonifatius, it ûntstean fan de namme It Goddeleaze Tolhús en de spoeke hûn fan ‘e Simmerdyk. Dizze folksferhalen ha ik besocht fêst te lizzen yn sfearfolle, werkenbere bylden, dêr’t werklikheid en fantasije ûngemurken yninoar oerrinne. Mei it werkennen fan no yn it deiljocht fan eartiids.”

Tot slot fotografeerde Tryntsje Nauta op een indringende manier mensen en hun omgeving die direct door de aanleg van De Centrale As worden beïnvloed. “De iene ûnderfynt de feroarings troch de nije dyk as positiviteit. Bygelyks in koartere reistiid nei it wurk, in bettere berikberens foar it bedriuwslibben, minder ferkearsûnfeilichheid en bettere leefberheid. Mar oaren fernimme just de negative kanten fan it projekt. Bygelyks de fersteuring fan de natuer, it ferdwinen fan de sichtlokaasje foar it bedriuw dat op dit stuit noch oan de trochgeande dyk leit of de komst fan de nije dyk flak lâns in wâldhúske, dêr’t stilte sûnt lange tiid baas wie. Beide kanten ha ik yn byld besocht te bringen.”

Bij een groot project als De Centrale As zijn er zowel voor- als tegenstanders, weten de betrokken gedeputeerden en wethouders. “Wy begripe dat der by in grut projekt as De Sintrale As altyd minsken binne dêr’t de komst fan de dyk op watfoar wize dan ek pynlik foar is”, benadrukt wethouder Houkje Rijpstra. “Mar wy hoopje dat dit projekt en alle saken dy’t dêrút fuortkomme, lykas de werynrjochting fan de doarpskearnen dy’t aanst net langer trochsnien wurde troch in drokke dyk en it stimulearjen fan it regionale bedriuwslibben, wêrûnder de rekreaasjesektor, it gebiet úteinlik mei in plus achter litte sille.”

Wij danken iedereen die een bijdrage heeft geleverd aan dit themanummer en wensen u veel lees- en vooral ook volop kijkplezier.

Sietske Poepjes gedeputeerde Verkeer en vervoer en **Houkje Rijpstra** wethouder Tytsjerksteradiel

DOKKUM

DE SINTRALE AS
haadslachier fan Noardeast Fryslân



Sicht op Dokkum

*Skieppewolken dy't stadich oer it Bolwurk
driuwe. Swarte stedskontoeren tsjin 'e blauwe
loft. Better kinst it sicht op Dokkum net omskriuwe.*

It liket wol as hâldt de tiid hjir skoft.

*Fûgels brekke kritend de stilte
iepen. Har gjalpen spatte stikken op 'e
klinkertdyk. In helder lûd as lei de wrâld te sliepen.*

Harkje stil nei Fryslâns oermuzyk.

DAMWÂLD

DE SINTRALE AS
haadslachier fan Noardeast Fryslân



Klear

*De dyk dy't ea foar
libben soarge, de wei
foar hannel en foar jild
is feroare yn in grize grins
dy't it doarp yn twaën skiedt.*

Oer

*De dyk dy't no foar
opskuor soarget, it paad
foar skoalbern en foar folk
sil ferwurde ta in nije bining
dy't it doarp meiinoar kânsen biedt.*

FEANWÂLDEN

DE SINTRALE AS
haadslachier fan Noardeast Fryslân



Wâldteater

*Smel klinkertdykje is ús reade looper,
begroetet elk dy't fan natoerkeunst hâldt.
Iepen poadium foar bist en blomt',
skouboarch fan de hiele wrâld.*

*It dekôr fol ljocht en romte,
smûke kûlizen yn 'e skimerjûn.
Wolkom yn Teater fan de Wâlden,
al iuwen oan ús lânskip bûn.*

BURGUM

DE SINTRALE AS
haadslachier fan Noardeast Fryslân



Reade skientme

*Hoeden sinkt de sinne yn it
tsjust're swart. Grutte beakens,
spjeldeprippen yn it wiet.
Tûzen tearen yn 'e glêde
wettertekken, as it sintsje
kopke ûnder giet.
Mar ear't de lêste strielen dôvje,
kleuret al wat swart is read.
Fjoer blikeret op 'e spegel,
jout de wiere skientme
fan it wetter bleat.*



IT SKILIGE PYPKE

Het spook van het Skilige Pypke

Tusken Feanwâlden en De Westereen rint in dyk, dy't de namme Boppewei krigen hat. En oan dizze dyk leit in brêge: it Skilige Pypke. Yn 'e buert stie ea ris in grutte stins, dy't bewenne waard troch in âlde, rike hear. Syn jild bewarre er yn in leaden kiste yn in âlde keamer, dêr't oars nimmen komme mocht as hysels. Op in kâlde, rûzige earste krystdei krige de âldman it nuvere gefoel dat syn jild dêr net langer feilich wie. Hy sleepte de kiste mei behelp fan syn ezel nei bûten om him yn 'e tún te bedobjen. Nei't er it spul begroeven hie, ried er achterstefoaren op 'e ezel werom, om sa lang mooglik syn dierbere skat yn it sicht te hâlden. Mar yn de tsjusterens knoffele it earme bist, wêrnei't de âld hear tsjin de grûn smakte en syn nekke bruts. Sûnt dy tiid spoeke it dêr. De spoekferskining makke de minsken nei it ynfallen fan de jûn hieltyd kjeller. Sa wie der ris in molkrider dy't mei in weinfol molkbus-sen nei Dokkum reizge. Op 'e weromreis stie midden op de brêge in spoekferskining foar syn hynder. It bist stegere kjel en it hiele spul rekke yn it wetter. Hindrik Mients, duvelbanner fan Feanwâlden waard derby roppen. Mei seis oare manlju ried er op in wein nei it Skilige Pypke. "Hee âlde", rôp Hindrik, "kom mar by ús op 'e wein." De boaze geast sprong sûnder kleien efter op 'e karre, mar doe't Hindrik fuortride soe, kamen de hynders gjin stap foarút. De bisten lutsen út alle macht, se snúfden en switten alderheislikst. Pas doe't de tsjerkeklok fan Feanwâlden twa oere yn 'e moarn sloech, skeaten de hynders as kûgels foarút. Mei grut geweld fleach it hiele spul op in poel by Readtsjerk ôf. It wie dat Hindrik noch krekt fan de karre ôfshippe koe, oars wie er lykas de oare manlju, de hynders en de wein foar altyd fergien. Mar fan dy tiid ôf moat it spoekjen by it Skilige Pypke oer west ha.



BOARNE FAN BONIFATIUS

*Een hemels teken van Bonifatius
op de terp van Dokkum*

Al reedlik gau nei it ferstjerren fan Bonifatius woenen bekearde Dokkumers en harren Frankyske beskermhearen in tsjerke bouwe, net fier fan it plak dêr't de ferneamde biskop en sindeling oan syn ein kaam wie. Op in terp yn it kwelderlân oan 'e Waadsee soene ta eare fan Bonifatius in tsjerke, in toer en in kleaster komme. Sterke Dokkumers waarden ûnder tafersjoch fan Abba, de Fryske steedhâlder yn tsjinst fan de Frankyske kening, oan it wurk set. Doe't hear Abba mei syn gefolch ynspeksje hâlde soe, sakke syn hynder ynienen mei de foarste poat yn de terpgrûn. Nei't de poat út it gat lutsen wie, barde in wûnder. Ut it gat spuite wetter omheech, dat stadichoan in streamke waard. De manlju namen in slok en jawier; it wie swiet wetter! It Dokkumer folk tanke God, ferearre Bonifatius en joech de boarne syn namme. De Boarne fan Bonifatius.

IT GODDELEAZE TOLHÚS

*Hoe de naam
Goddeloos Tolhuis ontstond*

By de Goddeleaze Brêge oer de Falomsterfeart stie ea ris in tolhús. Flakby it tolhús lei in skûtsje, dêr't in fisker wenne. In wrâldfrjemde rûchhouwer dy't him oan God noch gebod stoarde. De man flokte sa bot en sa lûd dat de minsken it op De Falom hearre koenen. Doe't de fisker siik rekke, namen de bewenners fan it tolhús it beslút om op de âldman te passen. Op in nacht wie ien fan de manlju oan bar om in eachje yn it seil te hâlden. Wylst er njonken it bêd fan de âldman siet, foelen syn eagen hieltyd fierder ticht. 'Ik moat in frisse noas helje,' tocht de jongfeint. Doe't er efkes letter weromkaam, brûsden him de hierren oerein. Dêr lei de fisker neist syn bêd, mei de holle achterstefoaren op it liif. It boadskip wie dúdlik: de duvel hie de rûchhouwer te pakken hân. Dit wie de straf foar syn goddeleaze libben. Sûnt dy tiid waard it tolhús by de houten brêge dêrom it Goddeleaze Tolhús neamd.





DE SPOEKHÛN FAN DE SIMMERDYK

*De spookhond van de Zomerweg
zwerft nog steeds rond*

De Simmerdyk by Burgum wie eartiids in sânpaad. Yn in lyts wâldhúske oan dit paad wenne lang lyn in rûge boer. De brút hie in feint yn tsjinst en ek de dochter fan 'e feint wurke hjir as tsjinstfaam. Dat wie in kreas famke. Al gau besocht de boer har yn syn bêd te krijen, mar se woe neat fan him witte. Doe't de boer lykwols drige har heit, dy't der ek net jonger op waard, te ûntslaan, joech se ta. In jier letter ferstoar de feint en kaam it wiere sin fan de boer boppe. Hy koe syn hannen net thús litte en liet it earme famke it swierste wurk dwaan. Op in jûn krigen se sa'n âlderheislikst stik spul dat de smearlap it famke syn hús útskopte. Nefens him soe se mei in oare keardel it bêd dield hawwe. 'Hoechst nea werom te kommen', âle er har nei doe't er de doar tichtsmiet. It famke bleau lykwols stokstiif sitten wêr't se siet. Nei in dei skuorde de lilke boer har oan it hier mei nei it fjild neist it lytse húske. Opnij bleau se lizzen wêr't er ha delsmitten hie. De âldman waard sa poerrazend dat er syn hûn op har ôfstjoerde. Foldien knoffele er werom nei hús en liet it famke yn 'e spielende rein achter. De folgjende dei rôp er de hûn. Mar dy kaam net. Yn 'e grize moarnsdize bleau it bist lizzen dêr't er lei. Ferheard seach de boer doe dat net it famke, mar de hûn healdea yn it lân lei. Syn tsjinstfaam wie fuort. Doe't de smycht him oer it bist hinne bûgde, feroare de hûn yn in duvel. En sa kaam de boer nuver oan syn ein. It skynt dêr trouwens noch altyd te spoekjen. Mei reinich waar yn de jûntiden slûpt der in spoekhûn oer de Simmerdyk, wurdt sein.

ZICHT OP DE CENTRALE AS

Foekje Ankersmit

Vijf dagen per week rijdt Foekje Ankersmit langs de grote zandbulten die bij Burgum liggen. Op weg naar haar werk in Oentsjerk heeft ze iedere ochtend en avond meer dan genoeg tijd om de eerste contouren van de Centrale As te bekijken. “Ik stean hjir altyd stil mei al dy ferkearsljochten. Ik sjoch no al út nei de dei dat de nije dyk iepen giet en ik yn ien kear trochride kin.”

Hoog boven de weg steken de zwarte silhouetten scherp af tegen de rode avondlucht. Het stilleven ver-raadt de aanwezigheid van machines, die meter voor meter het eerste stuk van de Centrale As aanleggen. Zittend in haar auto zou Foekje maar wat graag eens een kijkje van bovenaf op het schouwspel nemen. “Gewoan om te sjen hoe’t it der út de loft wei útsjocht. Oft it krekt sa is as op ‘e kaarten.”

“De kânsen dy’t de nije dyk ús aanst biede sil, dêr wurd ik no al entûsjast fan.”

Geïntrigeerd door alle ontwikkelingen volgt ze het traject op de voet. Van de oorspronkelijke plantekeningen tot het moment dat meer dan tien jaar later de eerste schep de grond in gaat. “Ik fyn it machtich ynteressant, dit hiele projekt. Dat komt ek om’t it myn fakgebiet is, ik bin romtlik adviseur. De grutte skaal fan it projekt en de kânsen dy’t de dyk ús aanst biede sil, dêr wurd ik no al entûsjast fan.”

Die interesse is echter niet alleen beroepshalve, ook als forens heeft ze er volop voordeel van. “Om nei myn wurk te gean, reizgje ik twa kear deis lâns Burgum, fiif dagen yn ‘e wike, yn alle gefallen 45 wiken yn it jier. Mei de komst fan de nije dyk sil myn reistiid ynkoarte wurde en wichtiger noch: wy kinne aanst allegear in stik suniger ride. Net mear hieltyd remje en oplûke. Dat is net allinnich goed foar ús beurs, mar ek foar it miljeu. Dus lit dy As mar komme.”



HET GROENSTE GRAS

Willem Hooghiemstra

Als ondernemer in Hurdegaryp is de komst van de Centrale As voor Willem Hooghiemstra een positieve stimulans als het gaat om de verbetering van de bereikbaarheid voor zijn klanten. Toch ziet de ondernemer ook de schaduwzijde van het grote wegenbouwproject. “Grien spilet in haadrol yn ús provinsje. Dêr komt aanst opnij in stik asfalt trochhinne. Dat giet my oan it hert.”

Fryslân en grasland zijn van oudsher economisch nauw met elkaar verbonden. Maar groen speelt een veel grotere rol, weet Willem als geen ander. “Griene omkriten soargje foar in fleurich sin by minsken. Grien is de absolute pull-factor fan Fryslân. Dêr moatte wy sunich op wêze.”

Willem zet zijn vraagtekens bij de voorspelling dat de Centrale As de economie in de regio een boost zal geven. “Dit is in ienmalige ynvestearring yn wurkgelegensheid op koarte termyn.

Wy moatte just nei de lange termyn sjen. Lytsskalige projekten om agraryske bedriuwen en lytse ûndernimmers te stypjen. Dat binne úteinlik de motors fan de Fryske ekonomy.”

“De Centrale As moat ek in Griene As wurde.”

Toch ziet hij ook mooie initiatieven ontstaan. “Yn doarpen yn Noardeast Fryslân wurde troch de komst fan de As no plannen makke om de leefberens te fergrutsjen. Dat is in goed ding. Op dy wize kinne wy mear minsken nei it noarden helje. Fokusje op sfear, ús Fryske taal en gastfrijheid. Dêryn ûnderskiede wy ús as Friezen.”

Zelf heeft hij maar één grote wens. “Wy ha fierwei de moaiste provinsje mei wetter, bosk en lânskippen fol grien. It aksint yn it plan moat hoe dan ek op grien lizze. De Centrale As moat ek in Griene As wurde.”



NIEUW GEBIED ONTGINNEN

Tjeerd Visser

Innovatie is onmisbaar om je staande te houden als ondernemer. Tjeerd Visser, eigenaar van Visser Koekbakkerij, ziet de aanleg van de Centrale As dan ook als een unieke kans waarmee ondernemers in Noordoost Fryslân hun voordeel kunnen doen. “Wy boarje in hiel nij ekonomysk ûntginningsgebiet oan.”

Gevestigd aan het kruispunt bij Quatrebras zit de koekfabriek straks op nog geen vijftig meter afstand van de nieuwe rotonde. Een perfecte locatie voor een bedrijf dat in de concurrentiestrijd afhankelijk is van uitstekende logistieke faciliteiten. “Wannear’t wy de transporttiden mei de helte ynkoartsje kinne, betsjut dat in geweldige opstekker foar ús bedriuw.”

Ook collega-ondernemers zien kansen met de komst van de Centrale As, merkt Tjeerd op. “Tink ris oan transportbedriuwen út Noardeast Fryslân. Oant no ta wienen se altyd yn it neidiel fanwege de lange oarrydtiden. Mar aanst binne se rapper yn Hearrenfean of Grins as konkurrinten út Ljouwert, Frjentsjer of Harns.”

“Wy moatte net efterom mar just foarút sjen. It foarrút is in stik grutter as de efterspegel.”

Naast de groeiende markt voor nieuwe klanten groeit ook het arbeidspotentieel. Jonge talenten die werkgevers in Noordoost Friesland vanwege de lange reistijd zorgvuldig meden, zien met de komst van de Centrale As de uren die ze onderweg zijn slinken tot een acceptabel tijdsbestek. “Aanst is Dokkum net langer it ein fan de wrâld”, glimlacht Tjeerd.

Grote, innovatieve plannen brengen te allen tijde ook de nodige tegenstanders met zich mee, weet de ondernemer uit ervaring. “Dy slane de hakken yn de grûn en sjogge benammen de negative kanten. Mar wy moatte net efterom mar just foarút sjen. It foarrút is in stik grutter as de efterspegel. Ik bin der hillich fan oertsjûge dat as de dyk der aanst leit, minsken by harsels tinke: dit hie eins folle earder moatten.”



EEN ONGEWENSTE BUURMAN

Rinus en Pietsje Tabak



Rinus en Pietsje Tabak wonen al dertig jaar op hun droomplek aan de Langedyk in Hurdegaryp. Het idyllische klinkerweggetje met aan weerszijden hoge bomen wordt binnenkort echter doorsneden door de rondweg naar Hurdegaryp. De aftakking van de Centrale As wordt de ongevraagde buurman van het echtpaar. ‘In buorman dy’t wy leaver net krigen hienen.’

Begin jaren tachtig nemen Rinus en Pietsje hun intrek in het knusse wâldhúske in de bocht bij de Foksegatten. Een plek waar volop ruimte is voor hun drie kinderen. “Dit is echt ús dreamplakje”, vertelt Pietsje. “Wy binne natoerminsk. Fûgeltsjes, reeën, hynders, kij; alles sjochst hjir yn ‘e greiden rinnen. Ik gean faak mei de oppasbern de fjilden yn. Kuierje of picknicke. En altyd de fotokamera mei.”

Wanneer in 2002 de plannen voor een rondweg langs hun woning bekend worden gemaakt, start de familie meteen met het indienen van hun eigen zienswijze. “Wy hiene it graach lytsskaliger sjoen. In twabaans rûnwei. Dat der mear trochstreaming yn Fryslân komme moat foar de ekonomy, dat begripe wy. Mar in fjouwerbaans rûnwei is dochs te gek foar wurden?”

“Wy ha der hiel wat sliepeleaze nachten fan hân.”

Jarenlang bijt het echtpaar zich vast in hun strijd tegen de rondweg. “Wy ha der hiel wat sliepeleaze nachten fan hân. Oeral ha wy ús ideeën en beswierskriften yn-tsjinne. Wy ha der alles oan dien om it te feroarjen. Dat jout ús no in stikje rêst.”

Maar volledige acceptatie is er nog niet. “As ik der oer praat, wurd ik dochs wer grimmitich”, knikt Pietsje. “Wy jouwe ússels aanst in jier de tiid om te wennen oan de nije dyk. Kinne wy ús der dan noch net yn fine, dan sykje wy wat oars.”



GEKNIPT EN GEPLAKT

Bertus Dijkstra

Drie plakboeken vol krantenknipsels over de Centrale As liggen rustig te wachten op de keukentafel. Sinds de start van het wegenproject verzamelt Bertus Dijkstra uit Damwâld alle artikelen die hij kan vinden over de As en plakt ze dan secuur op de witte velen. Met pen nog even de datum erbij, zodat het later exact terug te vinden is. “Ik ha noch folle mear oer de As, mar dat sit yn ien fan dy oare 194 plakboeken”, wijst hij naar zijn imponerende collectie ordners.

Voorzichtig bladert Bertus door de plakboeken. De verzamelwerken weten de ontwikkelingen en hobbels op weg naar de Centrale As exact in woord en beeld te vangen. Veelzeggend is het laatste korte berichtje dat Bertus begin september inplakte. ‘Better As ziet af van appèl’ vertelt de kop. “De iene is foar de nije dyk, de oare poer tsjin. Wy meie allegear tinke sa’t wy tinke wolle”, vindt de verzamelaar. “Mar persoanlik fyn ik dat dit al 25 jier earder wêze moatten hie.”

“Troch te ynvestearjen yn de leefberens soargje wy der foar dat de boel hjir net leech rint”

Geboren en getogen in Damwâld weet Bertus niet anders of de hoofdweg loopt dwars door het dorp en splitst de kern in tweeën. De oude dorpsweg veranderde in de loop der jaren van rode klinkers in zwart asfalt en ook het verkeer werd steeds intensiever en bovendien groter van formaat. “Frachtweinen fleane hjir tsjintwurdich dwers troch it doarp. Wat te tinken fan ús skoalbern dy’t alle dagen de dyk oerstekke moatte om nei skoalle of de sportfjilden te fytsen. Libbensgefaarlik.”

Met de komst van de Centrale As, die niet langer dorpen als Damwâld, De Falom en Feanwâlden doorkruist, maar juist zijn weg rondom de dorpskernen zoekt, ziet Bertus alleen maar kansen. “Oeral ûntsteane plannen om de doarpen feiliger en smûker te meitsjen. Dat binne prachtige inisjativen. Troch te ynvestearjen yn de leefberens soargje wy der mei ús allen foar dat de boel hjir net leech rint.”





COLOFON

De Centrale As

Fotografie

Jaap de Boer, De Westereen	landschapsfoto's en omslagfoto	www.fotojaapdeboer.nl
Maartje Roos, Hurdegaryp	sfeerfoto's volksverhalen	www.roosphotography.nl
Tryntsje Nauta, Leeuwarden	documentaire fotografie en foto's voorwoord	www.tryntsje.nl

Redactie

Nynke van der Zee, Oudega	www.nynketxt.nl
---------------------------	--

Vormgeving

Frank van Dijk, Dokkum	www.byfrank.nl
------------------------	--

Drukwerk

Rekladruk, Giekerk	www.rekladruk.nl
--------------------	--



Contact

Wilt u meer informatie over De Centrale As, kijk dan op www.decentraleas.nl of neem contact op met de medewerkers van het projectbureau.

Projectbureau De Centrale As

Postadres
Postbus 213
9250 AE Burgum

Bezoekadres
Florynwei 3c
9251 MP Burgum

telefoon (0511) 548 598
info@decentraleas.nl
twitter @centraleas
www.decentraleas.nl

